

# NIJSBRIEF

Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân

NR 3 | SEPTEMBER 2026

## FAN IT BESTJOER

**Bêste Freonen,**
Hjirby stjoere wy jimme in nije nijsbrief. Dizze kear skriuw ik it foarwurd, dat gewoanwei troch ús foarsitster Akkie fersoarge wurdt, dy't op dit stuit troch sykte spitigernôch net beskikber is. Wy hoopje dat se gau wer opknapt en winskje har betterskip!

Lokkich kinne we werom sjen op in hearlike simmer mei in soad moai waar. Der wie in protte belangstelling foar ús útstapke nei it SKS Skûtsjesilen. Spitich dat we in tal Freonen teloarstelle moasten. Fan de Freonen dy't wol meikoene ha ik heard dat it in geweldige dei west hat. Akkie koe der net by wêze, maar Minne en Wiebe stiene klear om de organisaasje op har te nimmen. Jacomijn en Nienke (meiwurksters fan Omrop Fryslân) wol ik ek graach hertlik tanksizze foar har ynset om dizze dei mooglik te meitsjen. Fierderop in dizze nijsbrief fine jimme in wiidweidich fersach fan ien fan ús Freonen oer dizze slagge dei op it Snitsermar.

Yn dizze nijsbrief ek: nijs fan de Omrop oer twa hiele nije programma's en de fiering fan '80 jaar regionale omroep' fan Omrop Fryslan, RTV Noord en RTV Drenthe. Yn oktober wurdt dit feestlik ôfsletten yn De Lawei yn Drachten.

By eintsjebeslút hawwe we koartlyn de ferlotting fan de Harmoniekaarten dien. It is geweldich om te sjen hoefolle reaksjes we hjirop krige ha. It lit sjen dat de nijsbrief goed lêzen wurdt.

In soad lêswille mei dizze nijsbrief.

Mei freonlike groetnis,
út namme fan it bestjoer

Gretha van der Meulen

## KAARTEN HARMONIE

Der wiene in protte reaksjes op it oanbod fan 2 kaarten foar it optreden fan De Kast yn de folslein fernijde Harmonie yn Ljouwert.

We hawwe út alle oanmeldingen in namme lutsen en **Hiltje Lijzenga is de lokkige winneres fan de 2 frijkaarten**.

Wy winskje har in prachtjûn ta!




# SKÛTSJESILEN MET DE FREONEN FAN OMROP FRYSLÂN

Freed 31 july stie it (hast) tradisjonele skûtsjesilen útstapke mei de freonen fan Omrop Fryslân wer op it programma. Dit jier wie keazen foar it bywenjen fan de lêste wedstriid op de Snitsermar. Hoewol't it skûtsje fan Grou, de dei derfoar, tidens de twadde wedstriid by De Lemmer al kampioen wurden wie en it dus net mear gie om de striid om it algemien klassemint, beloofde it dochs in boeiende wedstriid te wurden op dizze freed.

Ek dit jier wiene wy te gast op salonboat de Klifrak, dy't in moai nij lizplak hat yn Terherne. It wie net sa hyt as guon dagen dêrfoar, mar dochs wie it waar moai genôch om sawol binnen as bûten op it foar- of efterdek in plakje te sykjen. Wy waarden ûntfongen mei kofje en, hoe kin it ek oars, oranjekoeke.Doe't elkenien der wie der in koart wolkomswurd út namme fan it bestjoer fan de Freonen. Dit kear net troch Akkie Lindeboom omdat sy spitergenôch siik wie. Doe koene de trossen fan de Klifrak los en sette de kaptein Haaije koers rjochting de Snitsermar. It is mar in lyts stikje farren fan Terherne nei it wedstriidwetter op de Snitsermar, dus alle tiid foar de skipper om in moai plakje út te sykjen. De wedstriidkommisje fan Snits wie noch drok dwaande mei it útsetten fan de baan. Behalve it skûtsje fan Earnewâld, dat noch kâns makke op in poadiumplak yn it einklassemint, lieten de measte skûtsjes har noch net op it wedstriidwetter sjen. Wierskynlik sieten de measte bemanningsleden noch oan it hjitte hapke op harren folgboat.

Ek oan de ynwindige minske waard tocht. Nei dat wy ús lizzing ynnommen hienen, waarden wy traktearre op in kop tomatesoep. Guon fan de gasten koene troch de senuwen hast gjin hap mear troch de kiel krije, hwent der stie ús ommers in bingo te wachtsjen dêr't prachtige prizen mei te winnen wiene. De spullieding wie yn hannen fan twa jonge meiwurkers fan de Omrop en nei dat de bingokaarten en stiften útdield wiene, koe begûn wurde mei de earste omgong. It duorre bêst noch wol even foardat immen bingo hie, mar dat kaam miskien ek om't net elkenien yn 'e gaten hie dat it spesjale bingostiften wienen.

Dêrnei duorre it net lang foardat ek de haadprizen derút wiene. Meardere bingo's tagelyk en dus: stien, papier, skjirre om te bepalen wa't mei de bbq-set en krûmeldief nei hûs gongen.

Age Veldboom, oprjochter fan it skûtsjemuseum yn Earnewâld en ûnderwilens ek bekend fan omrop Max, wie hjoed ek oan board. Age stiet bekend as ferhaleferteller en hy koe ús troch syn kennis en kunde fan it skûtsjesilen de finesses fan it silen yn it algemien en it skûtsjesilen yn it bysûnder bybringe. Syn boeiende ferhalen waarden allinnich ûnderbrutsen as wy wat lekker foarset krigen.

Nei de koarte útlis fan Age (hy kaam letter noch folle faker oan it wurd) wie it tiid foar in earste konsumpsje. Alles wie te krijen, oant abbekaat mei slachrjemme ta. Age koe fan de gelegenheid gebrûk meitsje troch wat fierder yn te gean op it skûtsjesilen en de skiednis fan de skûtsjes.

Tuskentroch waarden der troch de meiwurkers fan de Klifrak alwer risselwaasjes makke foar it iten fan heerlike

broodsjes. Age briek logyskerwize syn ferhaal hjir even foar ôf.

Underwilens waard hieltyd dúdliker wat foar baan de wedstriidkommisje fan Snits útsette soe. De noardeastewyn (krêft 3 oant 4) makke it mooglik yn de lingte fan de Snitsermar in op-en-delbaan del te lizzen. Net elkenien wit natuerlik wat dat krekt ynhâldt, mar lokkich hienen wy dêr Age foar oan board om dat út te lizzen.

Underwilens gongen wy aardich rjochting de klok fan twa oere en dus de start fan de wedstriid, mar de gastfroulju en -hear hienen earst noch in lekker broodsje kroket foar ús yn petto.

Stadichoan socht elkenien in plakje dêr't hy of sy dacht de wedstriid it bêste folgje te kinnen. De fertroude start- en sjuerykotter de Zevenwolden lei flakby it Starteilân en wie fan De Klifrak ôf lestich te folgjen. Lokkich hie Age in pear tips hoe't jo fan dizze ôfstân ôf dochs sjen koene dat it startskot fallen wie (akoestysk of fisueel). As dat lêste net hielendal goed gong, koe it altyd noch fia Omrop Fryslân folge wurde.

It waard in boeiende wedstriid dy't, moai foar it thúspublyk, wûn waard troch Jappie Dzn Visser fan de Sneker Pan.

De gasten fan de Freonen kamen tidens de wedstriid soms hannen en fuotten tekoart. Net allinnich om de ferrekikers binnen hânberik te hawwen om it wedstriidferrin goed folgje te kinnen, mar ek foar it iten en drinken fan alle hapkes en drankjes dy't foarbykamen dizze middei.

De wedstriid naam hast twa oeren yn beslach.

Haaije, de kaptein fan de Klifrak hie dêrnei noch in ferrassing foar ús yn petto. Foardat wy koers setten rjochting Terherne, makken wy earst noch in omgong om it Starteilân. Prachtich om te sjen hoe't alle bemannings alwer dwaande wiene mei it opromjen fan de seilen fan de skûtsjes en hokker aktiviteiten har dêr fierder allegear ôfspilen (ynklusyf de boat fan Omrop Fryslân mei in kameraman boppe yn in kraan).

Wurch mar foldien kamen wy om kertier oer fiven werom yn de haven fan Terherne. Bûten op 'esteiger stie de gastfroulju fan de Omrop noch klear mei in moaie oantinken oan dizze heerlike dei.

As ien fan de sawat 60 gasten wol ik myn wurdearring en tank útbringe oan elkenien dy't it mooglik makke hat dat dizze dei organisearre wurde koe. Dat jildt natuerlik foar it bestjoer fan de freonen fan Omrop Fryslân, de meiwurkers van de Omrop, Age Veldboom foar syn boeiende ferhalen en 'last but not least' Haaije de skipper fan de Klifrak foar it op koers hâlden fan it skip en de meiwurkers fan Rederij de Oorden foar de hearlike catering en fierdere fersoarging.

Peter Jan Tijdeman

# FREONEN STYPJE BYSÛNDERE JUBILEUMJÛN

Dit jier fiere Omrop Fryslân, RTV Noord en RTV Drenthe 80 jier regionale omrop. Dat wurdt yn oktober feestlik ôfsletten mei Symfonische Soundtracks yn De Lawei yn Drachten. It Noord Nederlands Orkest spilet dizze jûn ûnder lieding fan dirigint Dirk Brossé bekende filmmuzyk út ûnder oare James Bond, Forrest Gump, Superman en Mission Impossible.

Mar der is mear: ek bekende tunes fan de regionale omroppen en muzyk út Fryslân, Grinslân en Drinte krije in plak. Sa wurdt ek Marije Maria fan Reboelje symfoanysk útfierd. Fan dizze bysûndere jubileumjûn wurde TV opnames makke.

De Freonen fan Omrop Fryslân drage by oan it mooglik meitsjen fan dy opnames en dêr meie freonen fan Omrop Fryslân by wêze! Wy hawwe 15 x 2 kaarten beskikber foar de jûn op 13 oktober yn De Lawei.

Wolsto kâns meitsje op twa kaarten? Stjoer dan in mail nei freonen@omropfryslan.nl en wa wit bist der by!



# LIBJE OANT DE EIN

Yn de lêste wike fan oktober start by Omrop Fryslân de nije dokumintêre-searje Libje oant de ein.

Yn seis ôfleveringen wurdst meinaam yn de persoanlike ferhalen fan Jenneke en Bauke, twa Friezen dy't te krijen hawwe mei palliative soarch. De searje lit sjen dat palliative soarch net allinnich giet oer de lêste faze fan it libben, mar benammen oer hoe't minsken sa lang mooglik op in goede en weardige manier fierder libje kinne, mei omtinken foar wat foar harren wichtich is. Mei de searje makket Omrop Fryslân dit ûnderwerp mear sichtber en bespreekber.

**De earste ôflevering is op moandei 26 oktober 2026 te sjen op Omrop Fryslân.**

# FRYSLÂN FIT

Fryslân Fit is it nije bewegingsprogramma fan Omrop Fryslân foar eltsenien dy't sûn en fit wurde én bliuwe wol. Fan novimber ôf kinst alle moarnen ûnder begeleiding fan Laura Oosterloo de dei starte mei in kertier oan ienfâldige oefeningen. De oefeningen binne spesjaal gearstald om krêft, balâns, kondysje en stabiliteit te ferbetterjen. Dêr hoechst net foar út: meidwaan kin gewoan fanút de eigen wenkeamer wei. De oefeningen binne leechdrompelich, feilich en geskikt foar eltsenien. Fryslân Fit is in inisjatyf fan Sûnenz en Sport Fryslân en wurdt útfierd troch Omrop Fryslân. Sa meitsje wy mei-inoar bewegen tagonklik en leuk.



FREONEN FAN OMROP FRYSLAN:
Zuiderkruisweg 2, 8938 AP Ljouwert

www.omropfryslan.nl/freonen
e-mail: freonen@omropfryslan.nl